

Tsjil

Jiergong 27 | nûmer 7 | maaie 2024

Tema: Ferwûnderje dy



Bijen, gjin bysaak!?

Frysk bloed tsjoch op

Pelle wol fotograaf wurde

Ynhâld

Kom fierder 3

Gedicht 4

Keunstner yn dy 5

No sa! 6-7

Sjoch my 8-9

Koart ferhaal 10-11

Tsjil nijs 12-13

Tsjek dit 14-15

Net te leauwen 16-17

Der op út 18

Puzelside 19

Jelte, Morris & Jamilla 20

5



10



14



Kolofon

Tsjil is in tydskrift foar bern fan de boppebou fan 'e basisskoalle

Haadredaksje tydskrift Tsjil:
Tjitske van Akker, Cedin

Opmaak:
Grafysk / Gerke A. Hofstra

Einredaksje:
Tsjomme Dijkstra

Foto foarkant:
Sytze Pruiksmâ

Redaksje-adres:
Cedin
Lavendelheide 21
9202 PD Drachten

☎ 088 0200 300
✉ tsjil@cedin.nl
🌐 www.cedinonderwijs.nl/tsjil

ISSN: 1389-348X

Tsjil is fergees oan te freegjen fia
www.taalplan.frl/oanmelde
It tydskrift wurdt acht kear yn it jier
as klasjepakket útjûn.

De redaksje fan Tsjil hat besocht om
fêst te stellen wêrt byldmateriaal
weikomt om de fereaske
tastimming foar publikaasje te
krijen. Elk dy't lykwols tinkt rjochten
te hawwen, kin kontakt opnimme
mei tsjil@cedin.nl.



Wy ynvestearje mei Taalplan Frysk yn
de kwaliteit fan Frysk ûnderwiis op
alle skoallen en alle ûnderwiisnivo's.
Taalplan Frysk 2030 is in gearwurking
fan Afûk, Cedin, Fers, Keunstwurk,
NHL Stenden, Omrop Fryslân, Semko,
SFBO en de provinsje Fryslân.
www.taalplan.frl

Frysk, foar no en letter

Ferwûnderje dy!

Op in moaie waarme maitiidsdei bin ik lekker te fytsen. Underweis sjoch ik in gaadlik plakje, út de wyn, dêr't ik wol eefkes genietsje kin fan it moaie waar. Ik gean op 'e rêch yn it gers lizzen en fiel de sinnestrielen yn myn gesicht. Och, wat is dat noflik en wat wie ik hjir oan ta! Foardat myn eagen tichtfalle sjoch ik nei de wolken. De iene liket op in grutte teddybeer, de oare hat mear wei fan in skaaltsje mei boltsjes iis en sa'n wafeltsje der boppe-op. It útsicht is wiids, de loft is prachtich om nei te sjen.

Heech yn de loft fljocht in fleantúch. Wêr soene de minsken hinne gean? Sille se mei fakânsje? Sjogge se my lizzen yn it gers? It fleantúch makket it gûnzjend lûd. O nee, it is net it fleantúch dat ik hear, it is in huningbij. De bij siket blomkes fansels. Ik hoopje dat de bij it paad fynt nei myn fyts. Myn fyts leit oan 'e kant fan it fytspaad en dêr steane blommen yn de moaiste kleuren. Hjir yn it greidelân is it benammen grien. It jout my djippe rêst. Myn eagen falle ticht.

Yn myn dream kom ik in toverko tsjin, tref ik in jonge dy't fotograaf wurde wol, sjoch ik de moaiste kleuren en foarmen yn de natuer en hear ik moaie muzyk. Dream ik eins wol? Of hear ik no echt in nije SjONG-hit út de skoalle fan fierderop troch de ruten nei bûten kommen? It liket my goed om wer fierder te gean. Underweis plôkje ik in pear wite blommen út de flear sadat ik dêr thús in fris drankje fan meitsje kin. Kinste dy ek sa ferwûnderje oer alles om dy hinne?



Groetnis, Tjitske

In soad lêswille!

Toverko

Us pake hat in ko
dy skyt sân kleuren stront.
Alle dagen fan 'e wike
komme kleuren út har kont

Moandeis is it grien
en tiisdeis poept se wyt.
Tongersdeis meast giel
en freed is 't pears geskyt.

En rint se yn 'e greide
dan liket it wol feest;
oeral kleurde flaaien.
Wat in geweldich beest!

Lêst krige Omrop Fryslan
lucht fan ús pake syn ko.
Se woene har graach filmje,
mar pake rôp fan 'ho!'

'Dy ko wol net op film
en moat neat ha fan Twitter.
Wa't har te tichteby komt
skyt se hielendal ûnder glitter.'



Keunstner yn dy

Wat in keunstner docht is:

- ▶ oars sjen
 - ▶ doare te fielen
 - ▶ helder tinke
 - ▶ gewoan begjinne te meitsjen
- ▶ Der is gjin fêste folchoarder
 - ▶ Kies wêr'tsto begjinne wolst
 - ▶ Wês net bang datst net kreatyf bist
 - ▶ Kreativiteit en fantasij dat binne spieren, en dy kinst traine!

Ferwûnderje dy oer alle foarmen yn de natoer om dy hinne en meitsje in natoermandala

Hup, gean derút, nei bûten ta! Sykje en besjoch de ferskate foarmen yn de natoer, lykas blêden, beammen, tûken, stiennen, blommen, ensafuorthinne. Sjoch de patroanen, de symmetry en de rûne foarmen dy'tst oeral tsjinkomst. Dizze eleminten wurde wjerspegele yn in mandala. In mandala is in sirkelfoarmige figuer mei meastal in soad symmetryske eleminten fanút de midden wei nei de bûtenkant ta.

Oars sjen

Untdek de lytse skatten dy't fersideboartsje foar hastige eagen. In pyplyts blomke oan 'e kant fan it paad kin like betoverjend wêze as in grutte, bloeiende blom yn 'e tún. Betink dy hoe't dyn omjouwing der no út sjocht en hoe't dy der yn oare tiden fan it jier hinne leit.

Doar te fielen

Hokker foarmen sprekke dy oan? Wat fynst moai byelkoar passen? Nim – at dat kin – bledsjes, blomkes en stientsjes mei, of tekenje se yn dyn skrift.

Helder tinke

Betink hoe'tst mei de foarmen dy'tst fûn hast symmetry kreëarje kinst. Lis se byelkoar, tekenje se, soargje foar symmetry én ôfwikseling fan foarmen. Wat kinsto brûke foar dyn eigen natoermandala?



Gewoan meitsje

Meitsje dyn mandala. Set earst in betsjuttingsfol foarwerp yn de midden (in bledsje, stien of watdan-ek-mar). Wurkje dan mei oare foarmen en foarwerpen fierder nei bûten om in klopjende sirkel te meitsjen. Sykje nei symmetry, nei ôfwikseling binnen de figuerkes en meitsje der in moai klopjend gehiel fan. Sa, no bist hielendal ien mei de natoer!

No sa!

Frysk bloed



Oan it begjin fan in wedstriid fan SC Heerenveen klinke de bekende klanken fan it Fryske folksliet. Mar witte wy eins wol wat wy sjonge? En hoe't dit folksliet ûntstien is? Dêrfoar moatte wy in weromgean yn de tiid.

It Frysk folksliet waard skreaun troch húsarts en dichter Eeltsje Hiddes Halbertsma (1797-1858). Op 13 oktober 1875 waard yn Grou in tinkstien ûntbleate foar Halberstma. Hjirby spruts Jelle Troelstra, de heit fan de bekende dichter Pieter Jelles Troelstra, de wurden 'Der is ien Frysk liet dat eltse oprjochte Fries út it hert grypt is. It is de sang fan ús dichter-dokter Eeltje Halbersma. Lit ús dy hjoed kroane ta folksliet! Ik mien it; Frysk bloed tsjoch op!'. It Selskip foar Fryske Taal- en Skriftekennisse hat it liet dêrnei bestimpele ta folksliet.


Mar wêrom is in folksliet nedich? Wy hienen dochs ek al it Hollânske folksliet? In folksliet is meastal sjauvinistysk* (it hat soms ek gjin tekst, 'oerdreaune leafde foar it heitelân' sit miskien net altyd yn in folksliet?). Krekt as in flagge of in wapen stiet it symboal foar de oanwêzigens fan in beskaat folk dat apart en selsstannich wêze wol. It Fryske folksliet ferbynt minsken yn Fryslân, en Friezen dy't bûten Fryslân wenje, mei-elkoar. Noard-Brabân is de iennige provinsje sûnder offisjeel folksliet. Fan alle provinsjelieten is it Fryske folksliet it bekendst.

De tekst fan ús folksliet is letter wol kontroversjeler wurden. Minsken stienen net mear achter it liet, om't de tekst net mear passend wie by de maatskippij fan doe. In liet wêryn't songen waard oer 'Frysk bloed' en 'Fryske boaiem' soe te bot tinken dwaan oan de ûntwikkelingen dy't te'n grûnslach leinen oan de Twadde Wrâldoarloch.

Yn de 18de edysje fan de *Leeuwarder Courant* yn juny 2000 waard in komplette side wijd oan it Frysk folksliet. Minsken koenen in nije tekst skriuwe op de melody fan it besteande folksliet. It útskriuwen fan in wedstriid wie in idee fan it 'Gereformeerd Polietiek Verbond' as ûnderdiel fan harren ferkiezingsprogramma. Der wienen sa'n hûndert ynstjoeringen, wêrfan't der 55 goedkard waarden. Der waard in top 10 makke en dy waard pleatst yn de krante. In faksjuery en publykssjuery keas úteinliks in winner. Mar dat is net op mear útrûn, hjoed-de-dei sjonge wy noch altyd it 'Frysk bloed tsjoch op!', sa't it ea bedoeld is troch Eeltje Halbertsma. De tekst is yn 1876 ta in koartere ferzje skreaun troch Jacobus van Loon. Dizze tekst wurdt noch altyd brûkt.

*'oerdreaune' leafde foar it heitelân.

tsjoch op!



Eltsje Hiddes Halbertsma

FRYSK FOLKSLIET

FRYSK BLOED TSJoch OPI
WOL NO RIS BRÛZE EN SIEDE,
EN BÛNZJE Troch ÛS IEREN OMI
FLEAN OPI WY SJONGE
IT BÊSTE LÂN FAN D'IERDE,
IT FRYSK LÂN FOL EARE EN ROM.

KLINK DAN EN DAVERJE
FIER YN IT RÛN
DYN ÂLDE EARE, O FRYSK GRÛNI!
KLINK DAN EN DAVERJE
FIER YN IT RÛN
DYN ÂLDE EARE,
O FRYSK GRÛNI!



Fragen nei it lêzen

1
Wat betsjut it wurd 'sjauvinistysk'?

2
Wa rôp 'Frysk bloed' út ta folksliet?

3
Hokker provinsje hat gjin eigen folksliet?

Karopdrachten

1
De tekst fan it Frysk folksliet is noch best dreech. Begrypsto wêr't oer songen wurdt? Praat mei-inoar oer de tekst en besykje dy oer te setten nei begryplik Frysk. Hjir soest Frysker.nl by brûke kinne.

2
In folksliet is meastal sjauvinistysk. It stiet foar ferbining, ergens by hearre. Skriuw no sels in 'folksliet' foar dyn doarp, stêd of skoalle. In liet dêr'tst grutsk op bist.

Fûgelspotter Pelle

is it alderleafst yn de natuer


Pelle Pruiksmā (12) út Weidum wit al jierren wat er letter wurde wol: natuerfotograaf. Yn syn frije tiid is er it leafst mei syn profesjonele kamera yn de bûtenloft. Fûgels spotte en se besykje op de foto te krijen. Dêrneist smyt hy ek graach in angeltsje út om te fiskjen. Pelle is in jonge dy't it leafst bûtendoar is.

De leafde foar de natoer hat Pelle fan syn âlden meikrigen. 'Us heit is lykas my ek gek op fûgels. Wy gean der faak tegearre op út. Yn de natuer harkje wy nei de bisten en de grutte útdaging is fansels om se ek op de foto te krijen. It leafst soarten dy't ik noch noait yn it echt sjoen haw.' Hy sjocht ek graach nei dokumintêres op National Geographic of natuerprogramma's op BBC. Op de natuerwebsite waarnemingen.nl hâldt Pelle yn 'e gaten oft der ek bysûndere fûgels yn Nederlân te sjen binne. 'Lêsten koest by it Lauwersmargebiet de pestfûgel spotte. Mei ús heit haw ik der doe hinne west.

Ik bin dan hiel fanatyk, want ik wol dy fûgel dan echt mei eigen eagen sjen,' laket Pelle.

Bysûndere famylje

Pelle komt út in bysûndere famylje. Syn âlden, Sytze Pruiksmā en Nynke Laverman, binne twa profesjonele muzikanten. Syn heit is slachwurker en komponist en syn mem singer/songwriter. Beiden hawwe se in grutte fassinaasje foar de natuer. It is trouwens ek in belangryk tema dat faak yn harren muzykproduksjes weromkomt.



Reiddomp



Hauk



Burdmantsje

Sels hat Pelle net safolle mei it meitsjen fan muzyk. Mar de leafde foar floara en fauna dielt er wol mei syn âlden. 'Wy hawwe it der thús geregeld oer. Dat it net goed giet mei de wrâld, sa't wy as minsken der no mei omgean. Wy wolle dêrom hiel graach in bydrage leverje om it better te meitsjen.'

Zero Waste

Dat is ek de reden dat Pelle, syn âlden en syn broerke Sylas (9 jier) al sa'n fiif jier besykje om sa min mooglik ôffal te produsearjen. Zero Waste hjit dat. 'Wy hawwe mar twa kear yn it jier in kontener by de dyk stean.' Wy brûke byfoarbyld gjin sjampoo út fleskes, mar hawwe Shampoo Bars. Dat binne blokjes sjippe. Dyn hier rûkt likegoed

hearlik. En wy brûke net toskpasta út plestik tubes, mar út glêzen potsjes.' Maklik is dat net altyd, mar Pelle syn famylje wurdt der hieltyd kreativer yn. Sa docht Pelle syn mem ienris yn 'e wike alle boadskippen op de merk en yn biologyske winkels. 'Dan nimt se har eigen tassen en glêzen potten mei.' Dan keapet se farske griente en fruit, en ek nuten, tsiis en aaien. Alles sûnder plestik ferpakkingsmateriaal.' In filmjûntsje mei M&M's, sjips en pakken frisdrank silst by Pelle thús net gau sjen. 'Dat sit faak yn plestik ferpakt en dus fynst dat net by ús yn 'e kast. Fansels haw ik dêr wolris sin oan, mar it is no ek wer net sa dat ik it dan sels mar keapje. Us mem bakt sels ek graach lekkere hapkes.'

Kadootsjes

Plestik komt oeral yn werom. Ek yn jierdeikado's. 'Do kinst der noait hielendal omhinne, mar wy besykje der wol om te tinken. As ien fan ús jierdei is, dan krije wy in belevenis, yn plak fan noch mear guod. We gean dan byfoarbyld mei ús allen wat leuks dwaan. Ik mocht al ris op paad mei in bekende natuerfotograaf en haw in workshop oer rôffûgels folge.' Foar syn kommende jierdei hat Pelle ek al in goed kado yn gedachten: in drone. 'It is net hiel goedkeap (en ek net plestikfrij), mar it past goed by myn grutte dream om natuerfotograaf te wurden. Ik wol noch tichteby de fûgels komme en se sa moai mooglik fêstlizze.'



Foks en See-earn

Foar myn gefoel wie ús ûntdekkingsreis troch Huize Hoopfol noch mar krekt begûn doe't de bel foar it jûnsiten klonk. Hiel fier wienen we noch net kaam. Dat wie ek net sa nuver, want der rûnen hjir safolle ynteressante bern om.

Der wie in famke dat ûnsichtber wurde koe, mar dan allinne as der gjinien seach, in jonge dy't fertelde dat we allegearre ôfharke waarden troch de regearing en in famke dat dea- en deabenaud wie foar knopen. Lytse knopen, grutte knopen, kleure knopen: se rekke folslein yn panyk wannear't se knopen seach. Ik kaam in jonge tsjin dy't út de takomst kaam, mar dêr fierder net safolle oer fertelle woe. Syn freon, dy't neist him sweefde yn in lytse ufo, wie wat praatsker. Hy wie oait ûntfierd troch bûtenierdske wêzens en se hienen him de meast frjemde fragen steld oer katten.

Ik fûn elkenien like geweldich. It leafst woe ik safolle mooglik oer alle bern witte, mar doe't de bel gie holden se allegearre op mei wêrt se mei dwaande wienen en begûnen as makke skiep rjochting de ytseal te rinnen. Hast as wiene se betovere. Omdat it myn earste dei wie, like it my it bêste ta om net te folle op te fallen. Dus kuiere ik rêstich mei elkenien mei.

De ytseal paste perfekt yn in kastiel. De romte wie lang, breed, heech – eins alles tagelyk. Kristallen kroanluchters hongen oan it plafond, en der stienen rigen mei lange tafels sadat elk in plak hie om te iten. Lâns de kant stie in buffet, mei dêrachter in pear koks dy't it iten foar elkenien opskepten. Hjir foarme har in lange rige, dêr't ik netsjes achter oansleat. Gozert stuitere ûngeduldich neist my op en del.

'Duoerret lang!' eamele hy. 'Wêrom rinne se net troch? Tinkst dat se allegearre byinoar hearre? Miskien meie we even foar?'

'Nee,' sei ik. 'Sjoch do alfêst mar wat der te iten is.'

Gozert knikte. Hy sprong omheech, makke in salto en lâne yn akrobateklean op de holle fan de knakker dy't foar my stie. Dêrnei draafde hy oer de hollen nei foaren ta. 'Dit is net goed,' raasde er al gau. 'It liket wol kots!'

Ik pakte in blêd, krekt sa't elkenien die, en lei dêr in itensboard en bestek op.

'Bro!' boldere Gozert oer de hollen hinne. 'Neffens my is dit de rige foar it ôffal.'

Ik loerde de rige bydel en seach dat de bern foar my om beurten harren board ophâlden, wêrnei't in frou der mei in grutte leppel wat op kwakte.





Dit wie dúdlik de rige foar it iten. Fuotsje foar fuotsje skode ik nei foaren. Wachtsjend oant it myn beurt wie om myn board op te hâlden.

'T.T., ik leau datst dit better net opite kinst,' sei Gozert. Hy stie op de skouders fan de opskepmefrou. 'Dat oerlibbest net.'

Ik hold myn board in eintsje omheech en besocht gjin fiis gesicht te lûken doe't de derry dêrop telâne kaam. Gozert hie gelyk. Dit koe fan alles wêze, behalve iten.

'Trochrinne,' sei de opskepmefrou.

Ik knikte, rûn fierder en folge it foarbyld fan de oare bern: opnij board ophâlde. Ditkear kaam der in stik fleis op telâne. In woarst.

Teminsten, dêr like it noch it measte op...

'Witst wêr't ik it op lykjen fyn?' frege Gozert.

'Nee,' sei ik fuortendalik. 'En ik wol it net witte ek.' Aanst makke hy it noch smoarger as it al wie. Ik pakte in bakje mei yochert, sette dat ek op it blêd en rûn de ytseal yn. 'Wêr sille we sitten gean?' frege ik.

'Sitten gean?' werhelle Gozert fernuvere. Hy hie in beskermpak oan, as moast er elk momint in gemyske romte ynrinne. 'Ik leau datst in grutter probleem hast.'

'Wat?'

'Dyn iten...' Hy wiisde nei myn board. 'It libbet!'

Ik seach nei de derry en besefte dat er gelyk hie. It beweegde. It kloppe. It azeme. 'It is in smoarch ytbistje...'

'Mielmeunsterke!' raasde Gozert panikerich. 'Set it del.'

Dat hoegde er gjin twadde kear te sizzen. Ik smiet it board op in leech plak tusken in pear bern yn. Der fleagen wat spatten fan it ytbistje ôf en bedarren op it shirt fan in lyts famke mei ljocht hier en smelle eachjes.

Se seach fan my, nei har klean, en wer werom nei my. 'Wauw...' wie alles wat se sei.

It ytbistje krûpte fan myn board ôf, oer de tafel nei in oar board. Hy fermong him mei de derry dy't dêr lei en waard twa kear sa grut.

'Do moatst wat dwaan, T.T.,' rôp Gozert.

It ytbistje wie alwer op wei nei it folgjende board, dêr't genôch derry op lei om noch grutter te groeien.

'Mar wat?' sei ik.

'De hillige trijetine,' sei Gozert. Hy wiisde nei myn blêd.

Ik pakte it magyske wapen, sprong op 'e tafel en begûn sa fûl as ik koe yn it ytbistje te prikken, dat mar grutter en grutter groeide.

'Okee,' sei it lytse famke. Se gie stadich op de ferhegers yn har stoel stean. 'Wauw...'

'Ja, echt hin?' sei ik. 'Moatst my helpe om dit ytbistje te ferslaan!'

'Mielmeunsterke,' boldere Gozert.

Mar it famke holp net. Gjinien holp. Der wie allinne in elf dy't begûn te skreauwen dat ik fuortendaliks fan de tafel ôfkomme moast. Wat hie ik dêr no oan?

Undertusken wie it ytbistje útgroeid ta in folweardich ytbist. It stuts heech boppe my út. Klear om my op te slokken.

Ik siet yn 'e puree.

'Drave!' boldere Gozert. 'Missy ôfbrekke!'



Nei it lêzen

1. Dit ferhaal giet oer Ties. Om't it thús net sa goed giet mei him, is hy tydlik útfanhûs by Huize Hoopfol. Wêr soesto wolris útfanhûs wolle?

2. Gozert is de tinkbyldige freon fan Ties. Hoe neamt Gozert it ytbistje yn dit ferhaal?

3. Wat is it fiiste iten watsto ea hân hast?

It wurd 'maaie' seit it al. Maitiid! En al tippe wy hjir ek wat filmkes oer it reedriden, by Tsjil ha wy wol deeglik de maitiid yn 'e bol. Sjonge mei SjONG junior, fergriene yn 'e klasse en emoji riede op TikTok. Lês mar 'mai(tiid)!'!



1 Tsjil Tsjekt

Maitiid! Dat is it tema fan Tsjil Tsjekt dizze moanne. En ast oan maitiid tinkst, wêr tinkst dan oan? Oan bisten, bûten wêze en de natoer! Yn Tsjil Tsjekt sjogge we dêrom nei bioferskaat en hoe't we dat ferbetterje kinne. Willem en Gaiske sykje út wat it effekt fan muzyk op bisten is en yn de Tsjallenge fergriene wy it klaslokaal. En meie wy ek ris by jim delkomme? Dan bouwe wy ek sa'n feestje by jim!



2 SjONG junior

SjONG junior is back! Acht basisskoallen yn Fryslân binne troch nei de finale fan SjONG junior 2024. Se ha mei profesjonele muzikanten in ferske makke én dat opnaam yn de tsjilste studio fan Fryslân. Acht nije Fryske hits binne lansearre en dus aanst te hearren op Spotify! Fan keukenstjerren oant nije trends en fan ferskillen tusken

jonges en famkes oant de skoalle fan de takomst. Sjoch no nei SjONG junior 2024 fia tsjil.omropfryslan.nl!



3 De battle fan Tjits



De tiid fan reedriden is al lang wer foarby, mar Tjits hat noch foar in moaie ôfsluting fan it reedrydseizoen soarge. Se mocht mei Raynaud de 11StêdenBattle presintearje yn de Ljouwerter Alvestêdehal. Acht skoallen strieden tsjininoar yn de finale fan de battle. Sjen hoe't Tjits oer it iis skittere én hoe't OBS De Boarne út Aldeboarn kampioen waard? Check Tjits har floch!



4 Films riede



In jonkje, in hûs, twa boeven en in krystbeam. Hokker film byldzje de emoji's út? Willem en Jennifer riede oan 'e hân fan de emoji's oer hokker film dit giet. Want nei it rieden fan de flaggen weagje se har no oan de films. Wa kin it better, Willem of Jennifer?

5 De tips fan Sjinkie

Ekstra materiaal fan Scoute mei Berend! Yn dizze spesjale útstjoering krijt shorttracker Otte tips fan Olympysk kampioen Sjinkie Knegt. Us scout Berend wol it sels ek wol efkes besykje, kin er it winne fan Otte en Sjinkie?

Arjen neamt it in fotofinish, mar wa is no de echte winner? Check it by Tsjil!



Dogge jim al mei oan Tsjil Tsjekt? Tsjek tsjil.omropfryslan.nl

Skipswrak by Colombia

Wy begjinne diskear yn it Karaïbysk gebiet, mei in ferhaal dat in bytsje liket op de film *Pirates of the Caribbean*. Op 8 juny 1708 wie der in gefjocht tusken Britske en Spaanske skippen foar de kust fan Colombia. Ien fan de Spaanske skippen eksplodearre en sonk. Oan board fan it skip, de San José, wie foar in kapitaal oan goud, servysguod en dat soarte fan dingen. Der wurdt rûze dat it wolris om 17 miljard euro gean kin. Net raar dat de autoriteiten fan Colombia it skip mei ynhâld graach boppe wetter helje wolle. Mooglik sil dat dizze maitiid barre. Jacht op in gigantyske goudskat!



Skilderij fan de de ûntploffende de San José.
Troch Samuel Scott - Publiek domein

Grutste blom op 'e wrâld: Rafflesia arnoldii

Nei Colombia geane wy nei Asië. As ien tsjin dy sizze soe: Rafflesia arnoldii... Dan soe dy dat wierskynlik net folle sizze. Dochs!? Mar fersin dy net: it is in kampioen. It is nammentlik de grutste blom op dizze ierde. Yn trochsneed kin dy blom wol in meter wurde en tsien kilo yn gewicht! It is dan ek net echt in blomke foar yn in grutte faas yn hûs, want de blom liket hiel moai en rûkt ek... No ja, stjonkt as rotsjend fleis.



In hiel lyts kikkerke

Wy springe werom nei Súd-Amearika: yn Brazilië ha se yn 2011 in hiele lytse podde fûn. Teminsten, dat tochten se. Troch ûndersyk witte wy no dat it bistke eins in lyts kikkerke is. It is sa lyts dat twa fan dizze bistjes gewoan op in neil fan dyn tomme sitte kinne. Se binne dan ek net grutter as 6-8 milimeter. Foar safier de wittenskippers witte is it it alderlytste bistje mei in skelet. De namme fan it kikkerke is *Brachycephalus pulex*. De Fryske namme soe wêze kinne: Braziliaanske flie-pod (vlooi-pad). Op 'e website fan de Britske BBC kinst in oantal moaie plaatsjes fan it kikkerke fine.



Fleane op minsklike spierkrêft



Wy fleane werom nei Asië. Nei wat spesjaals út Japan. Dêr ha studinten fan de Universiteit fan Osaka in fyts-fleantúch boud en ja... it kin fleane. Hiel moai en spektakulêr om te sjen. Op spierkrêft fleane.

In Deenske trui fan dik twahûndert jier âld

Fan ús tiid reizgje wy in pear iuwen werom yn it ferline. Yn 1807 sylde in Deensk skip fan de Faeroër op Denemarken oan. It skip waard oanhâlden troch in skip fan de Britske marine. Om't Denemarken op dat stuit in bûnsgenoat fan de Frânske keizer Napoleon wie, waard it Deenske skip sjoen as fijân fan Ingelân. Alle guod oan board waard yn beslach nommen. No ha ûndersikers ûntdutsen dat yn ien fan de pakjes op it skip in brief mei in prachtige selsmakke trui siet. De trui is as nij. Sokke moaie, âlde klean wurde net sa faak fûn.



Terphûn fan Frysk Museum

Yn in terp by Ferwert waard ea it skelet fan in hûn fûn. Ek wie der sels noch hier fan de hûn. Hoe lang lyn dy hûn libbe wit net ien. Wie it yn de midsiuwen of yn de Romeinske tiid? Mei DNA-ûnderwyk hoopje se der no achter te kommen hoe âld it skelet is en miskien kinne se sels wol in soarte fan rekonstruksje meitsje. De terphûn kinst sjen yn 't Fries Museum.

Fierljep-spear út de midsiuwen fûn



Us eigen Fryslân hat ek in nijsgjirrige skiednis. Sa ha archeologen yn in terp by Ferwert in kletsy fûn. In kletsy is in fierljep-spear. Koest de lange stok brûke om te fierljeppen en as in wapen. It komt út de midsiuwen. Oant no ta binne der mar sân stiks fûn en dan ek noch ris allinnich yn Fryslân. Op de website fan Omrop Fryslân kinst sjen hoe't de kletsy brûkt waard.



Mummies fan Wiuwert

Yn de foarige Tsjil hawwe jim der al wat oer lêzen; al iuwen binne minsken ferbjustere oer de mummies yn de kelders fan de âlde tsjerke fan Wiuwert. Hoe is it mooglik dat dat de lichems fan minsken dy't dêr begroeven binne mummifisearre binne? Dy fraach is noch hieltyd net goed beäntwurde. De mummies fan Wiuwert binne noch hieltyd: it riedsel fan Wiuwert.





Wa hat der noch nea in bij sjoen? Nimmen dochts? Bijen binne ûngefaarlige ynsekten dy't soms prikke kinne as se yn it nau brocht wurde. Ast se mei rêst litst, dan silst gjin lêst fan se hawwe. Bijen en hommels steane oan 'e basis fan alles wat groeit en bloeit. Sûnder bijen gjin bloeiende blommen, gjin fruit, gjin griente, gjin beammen... gjin iten. En ek gjin huning!

In bij is dochts in bij? No ... ja en nee. Der binne yn Nederlân likernôch 275 soarten wylde bijen! Allegear ferskillend en allegear mei har eigen leefomjouwing. Guon soarten libje yn koloanjes, lykas de huningbij. Oare bijen libje allinnich. Dy wurde solitêre bijen neamd.

1. By de huningbij sammelje de wurksters stomoal yn kuorkes oan harren achterpoaten en nektar, dêr't huning fan makke wurdt, yn de krop.

Dizze risping wurdt nei de koloanje brocht. Oan it haad fan de koloanje stiet de keninginne. Dat is de iennige bij dy't aaikes leit. Mantsjes neame wy 'darren'. As in wurkbij fan blom nei blom fljocht, dan wurdt it stomoal fan de iene blom oerbrocht nei de oare blom. Dêrmei befruchtet se de blom sadat de plant sied ûntwikkelje kin foar fermeardering fan de plant. De planten (en ek beammen) binne ôfhinklik fan de bijen. En oarsom: de bijen binne ôfhinklik fan de

planten. Sûnder bijen gjin planten mear! Omdat net elke plant op deselde tiid fan it jier bloeit, silst oer it jier ferspraat ek oare bijesoarten tsjinkomme. Yn 'e maitiid sjogge je faak oare bijen as yn de simmer of yn de hjerst.

2. Huningbijen nestelje yn holten. Dat kinne mûzenêsten wêze, reidstâlen en holle beammen. De minsken meitsje dêr gebrûk fan en biede de bijen in kast of in koer oan dêr't se maklik harren itensfoarried opslaan kinne en harren jongen grutbringe kinne. Dizze minsken neame wy ymkers. As de minsken de huning fan de bijen ôfpakke, soene de bijen de winter net oerlibje. Dêrom fiere de ymkers de bijen sûkerwetter sadat it bijefolk de winter oerlibje kin.



3. Der binne sels boufakkers yn 'e bijefamylje! Dat binne de mitselbijen. Sjoch mar ris by in ynsektehotel. Silst simmerdeis sjen dat guon gatsjes troch de bijen tichtmitsle binne! Ek wurde der bytiden hiele blombledsjes brûkt. Efter it mitselwurk sit in itensfoarried en in larve. As de larve folgroeid is ta bij sil sy har in wei nei bûten grave om oan in wurksom

libben te begjinnen. It is fan grut belang dat bijen oerlibje kinne. Dêrom is it goed om oer it hiele jier ferspraat bloeiende planten te hawwen en ek om nêstgelegenheid oan te bieden.

4. In aardich weetsje: nektar kin brûkt wurde foar it meitsjen fan alkoholyske drank. In namme hjirfoar is huningwyn. As de nektar oan de

ein fan de dei oergiet yn alkohol en de bijen hjirfan drinke, dan wurde se sliepperich.

5. Soms falle se foar de nacht yn sliep en oernachtsje dan yn 'e tichttearde bledsjes fan 'e blom! Dan hawwe se wat te djip yn it gleske, euh.. blomke sjoen. Net te leauwen dochts?



Flear

Nederlânsk:

Vlier

Latyn:

Sambucus nigra

Ingelsk:

Elder

Dizze kear wol ik jim wat fertelle oer de flear. Dat is sa'n bysûndere beam dy't al lang lyn yn 'e âldheid neamd waard. Yn it stiennen tiidrek waard se al as iten brûkt. Letter wiene it de Griken en Romeinen dy't de flearbei en blossom dronken en ieten omdat se tochten datst der in lang libben fan krije soest. Foar de Kelten wie de strûk hillich, se hechten der in soad wearde oan. De flear bea beskerming tsjin kweade geasten, troch dy nei him ta te lûken. Dêrom waard der by elke wenning in flearstrûk plante.

Der wurdt sein dat Frou Holle yn in flear wennet. Sy soarget foar húshâldingen dy't in flear op it hiem ha. Eartiids waard de flear by buorkerijen plante. It leafst ûnder it keukenrút en by de bûthúsdarren om miggen en ûngedierte fuort te hâlden. Dizze hawwe nammentlik in hekel oan de geur fan de flear. Neffens in âld leauwen beskermet de flear dy tsjin

dieven en ynbraak. Ut respekt namen de minsken eartiids dêrom harren hoed ôf foar de flear.

Yn in boek út 1600 wurdt skreaun dat de flear wol foar mear as 70 kwalen ynset waard en hy wurdt dêrom ek wol 'de apteek' neamd. Kinst fan 'e flearblossom in hearlike tee meitsje. Ik neam dizze tee altyd myn anty-gryptee. Omdat dy wjerstân ferhegjend is en previntyf wurket by gryp.

Ein maaie en juny bloeit de flear en sjochst dy dan oeral yn de greiden of yn de bermen fan ûnferhurde paden. It liket wol in breid ast 'm yn 'e fierte stean sjochst. Ast dizze beam sjochst, rin der dan ris hinne en stek de noas yn 'e blommen. De geur fan de blommen is hearlik, oerweldigjend eins. Ast der dan dochs bist, plôkje in pear flearblossomskermen om der in lekker drankje fan te meitsjen.

Hoe makkest in lekkere flearblossomwetter?

Gean op in drûge sinneskynde in flearbeam (wês der wol wis fan dat it in flearbeam is). Plôkje foar in glêzen kanne sa'n trije wite skermen mei giel stomoal derop. Dit sjochst ast se plôkest en dyn hannen wat giel wurde. Doch se yn in papieren sek of in kuorke om mei nei hûs te nimmen. Skodzje thús de blossom wat út om bistkes derút te krijen. Doch de skermen yn in glêzen kanne en skink der kâld wetter op. Kinst der eventueel noch wat rezinen of in skyfke sitroen by dwaan foar de smaak. Lit dat sawat in dei yn 'e sinne stean. Set it ûngefear in oere foardatst it drinke wolst yn de kuolkast. Jit it wetter yn in glês troch in seefke foardatst it drinke silst. Genietsje derfan! Proast... It is ek nochris hiel goed foar de toarst. Foar de fariaasje is flearblossom mei brûswetter, in pear bledsjes munt en iisblokjes ek hiel lekker.

Flierefluitsje

Eartiids makke myn pake fluitsjes fan de flear foar ús. Op TikTok fynst moaie ynstruksjefilmkes om dit te meitsjen. Faaks wol dyn heit of pake dit ek foar dy meitsje.



Puzelside

Dizze kear in puzel fol mei wurden dy't mei de buorkerij te krijen ha. De letters dy't oerbliuwe, foarmje in wurd. Kinste de puzel oplosse? Skriuw dit wurd yn in e-mail en stjoer dy foar **27 maaie** nei tsjil@cedin.nl. Skriuw dúdlik dyn namme, groep en skoalle yn it e-mailsje.

Trochstreekpuzel

T	J	A	R	R	E	B	U	O	R	K	E	R	I	J
G	I	B	S	N	B	O	E	R	E	H	E	L	P	
E	R	S	A	T	M	K	G	R	E	P	P	E	L	
R	O	E	P	E	R	L	U	K	S	P	L	H	S	
S	M	Û	I	E	W	O	L	I	M	E	E	E	E	
L	A	H	L	D	L	M	N	O	L	J	A	K	I	
E	P	A	R	E	E	P	R	T	Z	E	T	K	N	
A	L	S	I	B	B	S	H	D	R	I	S	E	E	
R	O	K	E	S	L	O	O	Y	E	I	P	L	M	
Z	E	I	R	A	Y	K	E	G	N	M	D	J	E	
E	C	E	H	A	S	K	I	J	R	O	D	O	E	A
N	H	P	B	I	J	K	E	J	L	D	L	E	I	N
S	O	T	S	P	I	N	K	E	I	J	E	R	E	
K	T	R	E	K	K	E	R	S	T	J	E	L	P	

- | | | |
|-----------|-------------|------------|
| Aaisykje | Jarre | Rier |
| Boerehelp | Klompen | Seinemeane |
| Buorkerij | Klompsokken | Silo |
| Bijke | Kophalsromp | Skiep |
| Geit | Kuile | Skodzje |
| Gers | Kij | Stjelp |
| Greide | Learzens | Strontride |
| Greppel | Meane | Tispel |
| Hekkelje | Pink | Trekker |
| Hiem | Pleats | Wol |
| Hynder | Ploech | Ûleboerd |



Mopkes

Der steane twa kij yn de greide. Seit de iene ko tsjin de oare: 'Wêrom springsto sa?' Seit de oare ko: 'It is moarn myn jierdei en ik klopje de slachrjemme alfêst.'

Twa Ingelske hinnen rinne op strjitte. Seit de iene hin tsjin de oare hin: 'Tok tok tok.' Seit de oare hin: 'Why are you tokking to me?'

Riedsel

Boer Pieter kin net sliepe. Wêr fynt syn frou him moarns?

Yn de stâl om skipkes te tellen
Antwurd:



Sudoku

6			3				1	7
7	1				6			
		4		2	7			9
	5	3		6		1		4
1					3			
	4						8	3
4				7		3		6
	6		4		8			1
9		1			2	5	4	

De priiswinner fan de lêste puzel is: **Thys Visscher** fan KBS de Kabas út Frjentsjer.

Fan herte lokwinske! De oplossing fan de trochstreekpuzel wie **Bûtsykje**. Bûtsykje is it yn it Nederlânsk 'jutten'.

Jelte Morris & Jamilla

troch Peter Moorman

NIJE FREONEN



WURDT FERFOLGE